

it fielt

AS HA

IK ALLE

DAGEN IN

KATER

YOUNG FRENCH



Wendy van der Land (21) út Seisbierrum hat de sykte fan Crohn, wêrtroch't har batterij 24/7 leech is. Mar Wendy lit har net tsjinhâlde troch Crohn. "Dit is no ien kear 'the story of my life'."



FAN 2 DAGEN STA

Wa't Wendy tsjinkomt, sjocht as earste de grutte glimp op har gesicht. Fan de bûtenkant is se krekt as al har leeftiidsgenoaten. Se studearret ynkoarten ôf as fersoargjende IG en rint staaasje yn fersoargingshûs Nij Bethanië yn Tsjummearum. Yn har frije tiid giet se graach mei freondinnen te shoppen of rydt se op har hynder Arundii. Mar watst net sjen kinst, is dat Wendy altyd wurch, gau licht yn de holle en slop is. "Fergelykje it mei in kater", laket se. "Alteast, ik tink dat in kater sa fielt, want ik drink sels net."

Ljocht oan de ein fan 'e tunnel


As lyts famke is Wendy faak wurch. De dokter kin lykwols neat fine en skoot it op stressklachten. Al gau komme der ek oare klachten by, lykas hertkloppings en sloppe spieren. Wendy reizget meardere kearen nei it sikehûs, mar út al dy ûndersiken komt neat bysûnders nei foaren. "Doe't ik 18 waard, woe ik graach bloeddonor wurde", fertelt se. "Fan tefoaren waard myn bloed test. Ut de test kaam dat ik in hiel leech izergehalte hie." En dus nimt Wendy izertabletten yn, mar de klachten wurde allinnich mar slimmer.

Om't eksperts neat fine kinne, giet Wendy sels online op syk nei in diagnoaze. "Op ynternet kaam ik ynformaasje tsjin oer fitamine B12-tekoart. De klachten dy't omskreaun waarden, kamen oerien mei myn eigen klachten. Yn Amsterdam sit in spesjale klinyk dy't him spesjalisearret yn pasjinten mei B12-tekoart. Dêr krige ik myn earste B12-ynjeksje. Yn sân wike tiid knapte ik in hiel ein op. Dat fielde as in wûnder. Einlings wat ljocht oan de ein fan 'e tunnel."

Folslein binnenstbûten keard

Mar as Wendy yn septimber 2022 lêst fan har kiel krijt, giet it hielendal mis. Har lichem reagearret sa fûl op dizze ûntstekking dat se yn in septyske shock rekket en op de IC bedarret. De dokters keare har folslein binnenstbûten. "Ik krige it iene nei it oare ûndersyk, wêrûnder ek in ûndersyk mei in fideokapsule. Dat is in pil mei in lyts kameraatsje dy'tst trochslokst. Underweis filmet de kamera alles yn dyn lichem", fertelt se. "Op dy bylden wie dúdlik te sjen dat der yn myn tinne term (dunne darm) allegearre bliedings en ûntstekkingen sieten. En sa krige ik lang om let de diagnoaze: ik ha de sykte fan Crohn."

Alle puzelstikjes falle op harren plak. De wurgens, it dûzeljen, de sloppe spieren: it komt allegearre troch de sykte fan Crohn. "Dyn terms wurde ek wol dyn twadde pear harsens neamd", leit Wendy út. "As dyn terms siik binne, krijst oeral klachten. De ûntstekkingen soargje der foar dat ik net genôch fitamines en fiedingsstoffen opnim. Boppedat ha ik altyd ferhege ûntstekkingsswearden yn myn bloed. Om dat tsjin te gean, brûk ik no saneamde 'ymmûnûnderdrukkers'."




AZJE MOAT IK N WIKE BYKOMME



Hiel wat pillen yn hûs


Yntusken hat Wendy in eigen apoteek thús. Njonken de ymmúnûnderdrukkers nimt se magnesium- en fitamine D-suppleminten yn. Ek jout se harsels ynjeksjes mei fitamine B12. En ta beslút moat se ien kear yn de seis wiken nei sikehûs MCL yn Ljouwert ta foar in ynfús mei Infliximab, in ûntstekingsremjend middel. Gelokkich slagge de medisinen oan. "Ik fiel my al stikken better as twa jier lyn. Mar de wurgens bliuwt. Dus dat betsjut dat ik hiel goed neitinke moat oer wat ik wol en net doch."



En dus sjocht it libben fan Wendy der hiel oars út as dat fan har klasgenoaten. Mar Wendy lit har net tsjinhâlde troch har sykte. "Op dit stuit rin ik twa dagen staažje yn fersoargingshûs Nij Bethanië. Dat doch ik fan 07.00 oant 11.00 oere. Dêr moat ik de rest fan de wike fan bykomme. Op in goeie dei gean ik mei freondinnen de stêd yn om in oerke te shoppen of út iten. Mar that's it. Ik hoopje dat it noch better wurdt, mar tagelyk wit ik ek dat it folle slimmer kin. Dus hearst my net kleien."

In plan B



Mei al har medyske kennis is Wendy sa stadichoan in wiere Wikipedia-side. Boppedat wit se as gjin oar hoe't it fielt om te libjen mei in groanyske sykte. En dat komt har goed fan pas yn har takomstige berop as fersoargjende IG. Tagelyk is in baan yn de soarch wol in pittige kar (keuze), om't se alle dagen oan bêd stean moat. "De takomst sil útwize oft ik dit folhâlde kin. Mar ik fyn it wurk prachtich. Ik genietsje folop fan myn staažje en de tankberens fan al dy minsken dy't ik helpe mei."



Gelokkich hat Wendy in plan B. In oantal jier lyn begong se mei har eigen blog op Instagram. Hjir fertelt se iepen en earlik oer har sykte. "Fia Instagram ha ik kontakt mei oare Crohn-pasjinten. Wy diele kennis en jouwe inoar tips. Boppedat stelt it my gerêst dat ik net de iennige bin dy't dizze sykte hat." Wendy krijt hieltyd mear folgers op har social-kanalen en helpt ek freondinnen mei in eigen bedriuw om online sichtber te wêzen. "As de soarch te swier blykt, tink ik der oer nei om myn wurk te meitsjen fan social media. Dat kin ik by wize fan sprekken út bêd wei dwaan. Ien ding is wis: dizze skytsykte krijt my der net ûnder!"

Benijd nei Wendy har ferhaal?

Op @uniekchronischziek_ kinst har folgje.



WENDY HAT DE SYKTE FAN GROHN, MARIË'S FAN IEN DING WIS: DY SKYT SYKTE KRÏJT HAR DER NET ÛNDER!

Boeketips:

1. Ik, Anna – De Ingelske prinsesse Anna fan Hannover giet yn 1733 in ferstânshoulik oan mei de Fryske steedhâlder Willem Karel Hendrik Friso, de lettere steedhâlder fan de Nederlannen Willem IV. De twa jonge minsken mei har ûnfolsleinichheden – sy skeind troch pokken en oergewicht en hy misfoarme troch in fergroeide rêchbonke – slagje deryn inoar te finen. – Skreaun troch Lida Dykstra.

2. Two Girls Staring at the Ceiling – Chess is sick, but with what exactly, she isn't sure. And to make matters worse, she has to share a hospital room with Shannon, her polar opposite. Where Chess is polite, Shannon is rude. Where Chess tolerates pain silently, Shannon screams bloody murder. Where Chess seems to be getting slowly better, Shannon seems to be getting worse. How these teenagers become friends, helping each other come to terms with their illness, makes for a dramatic and deeply moving read. – Written by Lucy Frank.

3. Komt een vrouw bij de dokter – Stijn en Carmen zijn een jong stel met een dochtertje, Luna, van drie jaar oud. Stijn werkt bij een marketingbedrijf en Carmen heeft ook een eigen bedrijf. Het gaat hen voor de wind, totdat Carmen te horen krijgt dat ze borstkanker heeft. – Geschreven door Kluun.



EMO
LEVEL!



EMO
LEVEL!




EMO
LEVEL



Auteur: Nynke van der Zee
Fotografie: Florian Cats
Illustraties: Jelle van Gosliga

WAT IS

DYN



PLAN B?